



Jiertal / saaknûmer: 2025-084575

SKRIFTLIKE FRAGEN

Art. 52 RfO

Datum: 28 maart 2025

Fragen rjochte oan:

Kolleezje fan B&W fan de gemeente Noardeast-Fryslân

Underwerp: **Wenplakbegjinsel**

Oan it kolleezje fan B&W wurdt fersocht de folgjende fragen skriftlik te beäntwurdzjen:

1. Hoe wurde der op trajekten fanút de Jeugdwet dêr't it wenplakbegjinsel fan tapassing is ôfspraken makke?
2. Yn hoefiere slagget it de gemeente Noardeast-Fryslân om trajekten (dêr't it wenplakbegjinsel op fan tapassing is) fanút de Jeugdwet yn rekkening te bringen fia it iJW en op hokker termyn slagget dat? In gemiddelde termyn folstiet wol.
3. Binne der yn de gemeente Noardeast-Fryslân mear maatwurktrajekten fanút Soarch en Underwiis, neist Piter Jelles Impulse, dy't net yn rekkening brocht binne by oare gemeenten wylst dat fanút it wenplakbegjinsel wol kinne soe? En yn hoefiere is der dêrby sprake fan ryksfinansjering?
4. At dit it gefal is (sjoch fraach 3), om hoefolle trajekten giet dit dan en om wat foar bedrach giet dit yn it gehiel oer at je sjogge nei de jierren 2022, 2023 en 2024?
5. Binne der mear trajekten dy't net fakturearre binne fanút de Jeugdwet dêr't it wenplakbegjinsel op fan tapassing is? [Wy doele dan op trajekten fanút de Jeugdwet algemien en net spesifyk soarch en underwiis.]
6. At dit it gefal is, om hoefolle trajekten giet dit dan en om wat foar bedrach giet dit yn it gehiel at je sjogge nei de jierren 2022, 2023 en 2024?
7. Wat binne de swierrichheden at it giet om ôfspraken te meitsjen oer it fakturearjen fanút it wenplakbegjinsel yn de Jeugdwet?
8. Hokker saken rint it kolleezje tsjinoan by it útfieren fan it wenplakbegjinsel en it fakturearjen oan oare gemeentes oangeande dizze útfiering fan de Jeugdwet?

Taljochting:

Nei oanlieding fan de stelde en beantwurde fragen oer it wenplakbegjinsel ynsake soarch op maat yn it ûnderwiis, by it riedsútstel Campus Kollum, freegje wy ús ôf hoe't it yn it algemien sit mei it fakturearjen fan Jeugdwet-trajekten dêr't it wenplakbegjinsel op fan tapassing is yn ús gemeente. Sûnt 2022 jildt it wenplakbegjinsel yn 'e Jeugdwet.

Om't wy net yn 'e finansjele stikken werom fiene kinne oft hjir sprake is fan net fergoede posten, is foar us net dúdlik oft hjirre sicht op is. Us ûnderfining is lykwols dat yn it ferline gemeenten soms lestich begrutsje koene troch fakturearing dy't achternei noch plakfine moast. Dêrtroch freegje wy ús ôf oft yn ús gemeente ek sprake is fan achterstallige fakturearing at it giet om Jeugdwet-finansjering dêr't it wenplakbegjinsel op fan tapassing is.

Undertekening:

Namme: M. van der Staal

Fraksje: S!N